

- Minssen, Johann Friedrich (1849), 'Vergleichende Darstellung der Laut- und Flexionsverhältnisse der noch lebenden neufriesischen Mundarten und ihres Verhältnis zum Altfriesischen', yn: H.G. Ehrentraut (bes.), *Friesisches Archiv* I. Oldenburg.
- Minssen, Johann Friedrich (1965; 1970), "*Mittheilungen aus dem Saterlande*", fersuurged fon P. Kramer ätter de Hondskrift. 2. Beend; 3. Beend, Anhang. Fryske Akademy, Ljouwert.
- NSW = P. Kramer (1992), *Näi Seelter Woudebouk* I, A-E. Op eigen manneboet útjûn, Elst.
- Příruční mluvnice češtiny* (1995), kolektiv autorů ústavu českého jazyka filozofické fakulty masarykovy univerzity v Brně. Nakladatelství Lidové Noviny.
- Regula, Moritz (1956), *Historische Grammatik des Französischen*. Band II. Formenlehre. Winter, Heidelberg.
- Šiebs, Theodor (1901), 'Geschichte der friesischen Sprache', yn: H. Paul (bes.), *Grundriß der germanischen Philologie*. Trübner, Straßburg.
- Sommer, F. (1914), *Handbuch der lateinischen Laut- und Formenlehre*. Winter, Heidelberg.
- Tamminga, D.A. (1963), *Op 'e Taelhelling* I. Losse trochsmeden fan Frysk taellibben. Osinga, Boalsert.
- Visser, Willem (1992), 'Oer -je en -JE. De morfology en fonology fan it einichste wurd diel -je', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 7, 69-87.
- Weijnen, A. (s.a.⁵), *Zeventiende-eeuwse Taal*. Thieme & Cie, Zutphen.
- WFT = *Wurdboek fan de Fryske Taal*. Fryske Akademy, Ljouwert (1984--).
- WNT = *Woordenboek der Nederlandsche Taal*. Nijhoff/Sijthoff, 's-Gravenhage en Leiden (1882-1998).

Ms Werk 50 (2001),
107-126

DE FRYSKE WURDBOEKSKRIUWERIJ OM 'E MILENNIUM-WIKSEL HINNE: STÂN FAN SAKEN EN PERSPEKTIVEN

Siebren Dyk

Summary

The transition to a new millennium has been a good moment to strike a balance, in this article with respect to the question where Frisian lexicography actually stands, especially seen in the perspective of what is practically needed by the dictionary user. What has been achieved, and what should be pursued in the (near) future? The overview is mainly organised along the traditionally distinguished three Frisian language areas (North, East and West) and the more finer grained dialectal divisions made within these cover areas. Moreover, special sections are devoted to older periods of the language, to translation dictionaries from a foreign language into one of the varieties of Frisian, and to new technologies which may have repercussions for lexicographic policy and practice, like CD-ROM and the internet.

Oanrin

It doel fan dizze bydrage¹ is, om in oersjoch te jaan fan 'e stân fan saken yn 'e Fryske wurdboekskriuwerij. De klam leit dêrby net yn it foarste plak op hoe't ien en oar ta stân kommen is. De skiednis fan 'e leksikografy fan it Frysk is koartlyn wiidweidich oan 'e oarder kaam yn it boek *In Skiednis fan 'e Fryske Taalkunde*.² It is ek net fuortdaliks de bedoeling om hjir de Fryske wurdboekewrâld foar bûtensteanders te yntrodusearjen; foar dat doel kinne better Århammar syn bydrage oan 'e monumintale kompilaasje *Wörter-*

1. De tekst is in útwurking fan in lêzing dy't ik op 6 jannewaris 2001 holden haw foar it Taalkundich Wurkferbân fan 'e Fryske Akademy. Dy middeis waard in grut tal rinnende of krekt ôfsletten wurdboekprojekten prissintearre. Myn bydrage hie in mear algemien karakter.
2. A. Dykstra & R.H. Bremmer Jr, *In skiednis fan 'e Fryske taalkunde*. Ljouwert (1999), Fryske Akademy. Haadstik III giet oer de skiednis fan 'e leksikografy fan it Aldfrysk, haadstik V oer dy fan it Midfrysk en haadstik X oer dy fan it Nijfrysk. Yn 'e haadstikken oer de East- en Noardfryske taalkunde wurdt ek op 'e skiednis fan 'e leksikografy fan dy gebieten yngien.

*bücher/Dictionaries/Dictionnaires*³ of Anne Dykstra (foar it Westerlauwersk Frysk), Ommo Wilts (foar it Noardfrysk) en Rolf H. Bremmer (Aldfrysk) har haadstikken yn it *Handbuch* op kommende wei rieplachte wurde.⁴ Dy stikken geane fakentiden ek djipper yn op de ynhâldlike skaaimerken fan 'e ôfsûnderlike wurdboeken. Hjirre leit de klam fral op 'e globale tastân fan hjoeddedei, en dan benammen út it praktyske eachweid wei hoe't it der mei de wurdboekfoarsjenning foar de brûkers hinne leit. Der sil besocht wurde om in foech balâns op te meitsjen. Wat is der ta stân brocht? Mar ek: wat soe der noch ta stân brocht wurde moatte? Dit ferhaal is in reis troch it Fryske wurdboeklânskip om it jier 2000 hinne. Wy begjinne yn Noard-Fryslân.

Noard-Fryslân

Yn Noard-Fryslân binne trije plakken fan leksikografyske aktiviteit te trasearjen: de *Nordfriesische Wörterbuchstelle* oan 'e universiteit fan Kiel, it *Nordfriisk Instituut* yn Bräist/Bredstedt, en wat ik mar neame sil it partikulier inisjatyf. Oant de midden fan 'e foarrige ieu kaam eins alle wurdboekwurk op partikulieren del, soms mei risseltaten dêr't noch altyd op tebekgrypt wurdt. In foarbyld is it wurdboek fan it Söl'ring fan Boy P. Möller fan 1915, dat noch altyd it bêste, en yn alle gefal it wiidweidichste wurdboek fan dat eilânsdialekt is.⁵ Ek op partikulier inisjatyf (diskear mei Westerlauwerske stipe fan Pieter de Clercq fan Feanwâlden) is in wurdboek ta stân kaam dêr't mear as ien Noardfrysk dialekt yn behannele waard, ek al wie dy behanneling dan tige summier. Ik haw it hjir oer it yn 1974 dochs noch útjûne *Ein inselnordfriesisches Wörterbuch*,⁶ dêr't de earste tsien bôgen fan (oant yn 'e letter O) yn 1913 ûnder de titel *Eilunsfriisk Spraak an Wiis* al wol printe wiene, mar noch net it ljocht sjoen hiene. It wurdboek, mei as

foarste gearstalter Nann Mungard, jout ferlykjende wurdlisten fan farianten fan wurden yn it Noardfrysk fan 'e eilannen Sylt, Föhr en Amrum.

De beide wurdboeken dy't ik hjir neamd ha, binne winliken represintanten fan ien fan 'e beide haadrjochtings dy't jo foar de Noardfryske wurdboekskriuwerij ûnderskiede kinne soene. It bestean fan dy twa streamings kin net los sjoen wurde fan it bysûndere taallânskip yn Noard-Fryslân, dêr't fan âlds mar leafst tsien, sterk útinoarrinnende, dialekten besteane, wylst net ien fan dy tsien der kwa oantallen sprekkers bot útrint, en sa om sa mar te sizzen de macht gripe kinnen hat. De iene rjochting wol elk dialekt syn eigen wurdboek jaan. De oare besiket om it Noardfrysk, mei al syn ferskaat, dochs as in gehiel te sjen. De grutte represintant út 'e 19de ieu fan dy lêste streaming is sûnder mis Moritz Momme Nissen. Syn grutte tragyk hat west dat syn libbenswurk oant de dei fan hjoed yn in kast lizzen bleaun is.⁷ Miskien soe it dochs in goed ding wêze at dat mânske wurk yn it ljocht jûn waard, al wie it mar op in ienfâldige wize. Wat dat oangiet is it wat te ferlykjen mei dy wurdboekbodder yn Westerlauwersk Fryslân, Joast Hiddes Halbertsma, dy't syn oantekenboeken A en B ek yn in kast bedarjen seach. Halbertsma hat wat dat oangiet miskien noch wol mear eare fan syn wurk hân as Nissen, omt syn Leksikon A en B wol omstannich gebrûk fan makke is, nammentlik foar Waling Dykstra syn *Friesch Woordenboek* (1900-1911),⁸ en dêrnei ek foar lettere wurdboeken fan it Westerlauwerske Frysk. Likegoed is it moai dat Halbertsma syn oantekeningen, tanksij it krewearjen fan Teake Hoekema en Saakje van Dellen, yn har hiele hear en fear no dochs beskikber binne fia it Frysk Ynstitút fan Grins.⁹ Yn dy geast soe Nissen syn wurk ek yn it ljocht jûn wurde kinne.

Dy iene haadrjochting, fan ien wurdboek dat alle Noardfryske dialekten dekke moatte soe, krige úteinliks in ynstitúsjeonele húsfersting yn 'e yn 1950

3. Nils Århammar, 'Friesische Lexikographie'. Yn: F.J. Hausmann, O. Reichmann, H.E. Wiegand & L. Zagusta (útj.), *Wörterbücher/Dictionaries/Dictionnaires. Ein internationales Handbuch zur Lexikographie*. II. Berlin / New York (1990), Walter de Gruyter, s. 2022-2036.
4. Horst Haider Munske en dy (útj.), *Handbuch des Friesischen*. Tübingen (2001), Max Niemeyer Verlag.
5. Boy P. Möller, *Söl'ring Uurterbok. Wörterbuch der Sylter Mundart*. Hamburg (1916). Yn 1993 is noch in fotomeganyske werprintinge ferskynd by Sändig Reprint Verlag, Vaduz, Liechtenstein. In pear jier earder as Möller sines wie der al in wat behindiger wurdboek fan itselde dialekt ferskynd, te witten Nann Mungard, *For Sölring Spraak en Wiis*. Keitum (1909).
6. Nann Mungard, *Ein inselnordfriesisches Wörterbuch I*. Westerland (1974).

7. Sjoch hjiroer Claas Riecken, *Wörterbuch im Dornröschenschlaf. Zur Entstehung und Anlage des "Nordfriesischen Wörterbuchs" von Moritz Momme Nissen*. Kiel (1994), Co-Frisica XV. Sjoch oer Nissen en syn wurdboek ek Claas Riecken, *Nordfriesische Sprachforschung im 19. Jahrhundert (1817-1890)*. Bräist/Bredstedt (2000), Verlag Nordfriisk Instituut.
8. Waling Dijkstra, *Friesch Woordenboek*, 3 dielen. Leeuwarden (1900, 1903 en 1911), Meijer & Schaafsma.
9. Joast Hiddes Halbertsma, *Lexicon Frisicum A*. Ofskreaun en útjûn troch S. van Dellen, mei help earst fan W.J. Buma en letter T.B. Hoekema; Joast Hiddes Halbertsma, *Lexicon Frisicum B*, ôfskreaun en útjûn troch S. van Dellen en T.B. Hoekema; *Register op Joast Hiddes Halbertsma, Lexicon Frisicum A & Lexicon Frisicum B*, opmakke troch S. van Dellen. Alle trije bannen binne yn 1999 as wurkútjeffe yn it ljocht jûn troch de Stifting Freonen fan it Frysk Ynstitút RUG yn Grins.

oprjochte *Nordfriesische Wörterbuchstelle* oan 'e Universiteit fan Kiel. Dêr is wakker sammele en dien, nammers ek al yn 'e foarste helte fan 'e 20-ste ieu, en dêrmei binne der benammen troch Dietrich Hofmann ek hiele einen skreaun, mar mear as in yn 1961 ferskynde *Probobogen*, dy't yn 24 kolommen alle wurden beskriuwt dy't mei de bylûdkloft *gl-* begjinne, is dêrfan net útkaam.¹⁰ Mar tiden hawwe tiden, en benammen mei it op- en besetten yn 'e 70-er jierren fan in eigen learstoel foar Fryske filology troch Bo Sjölin waard it idee fan in "gesamtnordfriesisches Wörterbuch" op in sêft sin set te'n geunste fan wurdboeken foar de dialekten ôfsûnderlik. Dêrmei wie de slinger yn Kiel dus weromslein nei dy oare haadstreaming. Yn 'e njoggentiger jierren hat Sjölin efterôf foar dy kar noch in pear kear fûleinich ferantwurdig ôflein¹¹, miskien wol wat al te folle beärgumintearre mei swartwyt-tsjinstellings, wylst yn myn eagen de dissipline leksikografy dochs yn it foarste plak de keunst fan it optimaal-praktyske wêze moatte soe. Mar út it eachweid fan "Sprachpflege" wei wie dy omslach wol folslein begryplik. Wat dêrmei ek begryplik wie, wie dat de dialekten mei dochs noch in ridlik tal sprekkers it earst oan bod kamen. En sa kamen der út Kiel wei wurdboeken foar de dialekten fan Föhr-Amrum (1986)¹², de Bökingharde (1988)¹³ en de Wiedingharde (1994).¹⁴ Stik foar stik hânwurdboeken dy't besjen lije koene, en dan stiet der foar it Fering-Öömrang ek noch wer in nij wurdboek op útkommen. Boppedat wurdt der troch Nils en Ritva Århammar yn oparbeidzjen mei it *Nordfriisk Instituut* al jierrenlang wurke oan in hânwurdboek fan it Helgolânsk.

De fraach is no fansels wêr't dit úteinliks op útrinne moat. Oant no ta hawwe yn dizze searje dialekten oan bar west dêr't noch in ridlik tal sprekkers

kers fan oer is. Yn dat ljocht soe it faaks ek net ferkeard wêze at der fan it Söl'ring noch in by de tiid brocht wurdboek ferskine soe. Nettsjinsteande syn grutte kwaliteiten kin ik my alteast net yntinke dat Boy P. Möller syn wurdboek fan 1915 net ferbettere, en yn alle gefal net oanfolle wurde koe. En yndied lêze wy yn it blêd *Nordfriesland* fan augustus 2000 yn in bydrage oer "50 Jahre Nordfriesische Wörterbuchstelle": "Geplant ist auch ein Wörterbuch des Sörling".¹⁵ Mar dan? At se yn Kiel konsekwint wêze soene, dan soene alle tsien Noardfryske dialekten op sa'n wize yn eigen behanneling krije moatte. Dat soe op himsels in goed ding wêze, omdat krekt dy lytse dialekten oant no ta, ek wer net tafallich fansels, leksikografysk nochal oan 'e krapperein kaam binne. Sa binne de wurdskat fan it Nordergoesharder Frysk en it Halligfrysk allinne mar benei te kommen yn frij behindige wurdboekjes fia it Heechdútsk.¹⁶ It wittenskiplik belang fan goede wurdboeken foar ek dy lytse dialekten stiet tinkt my bûten kiif. Mar praktyske en maatskiplike omstannichheden sille meitsje dat wurdboeken fan dy dialekten miskien net sa gau ta stân brocht wurde sille. Praktyske, omdat de skriftlike oerlevering fan dy dialekten folle lytser is as fan dy mear nei it Noarden ta. Boppedat kin kwealik noch in berop dien wurde op goede ynformanten. It Südergoesharder Frysk is útstoarn, en fan it Mittelgoesharder Frysk en it Halligfrysk binne ek hast gjin sprekkers mear oer. Dat lêste feit makket ek dat it maatskiplik belang fan sokke wurdboeken dêrmei hast ta nul redusearre is. Der binne ommers winliken gjin potinsjele ôfnimmers mear oer, en dat sil in útjeft namste dreger meitsje. Dochs skynt dat gjin echte behindering te wêzen. Fan Jarich Hoekstra is bekend dat er dwaande is om Mittelgoesharder teksten út te jaan, en tagelyk om der in wurdboek (en in koarte grammatika) fan gear te stellen.¹⁷ In goed inisjatyf, tinkt my, dat foar dy oare lytse dialekten neifolging fertsjinnet.

10. *Nordfriesisches Wörterbuch. Probobogen.* Auf der Grundlage vieler alter und neuer Sammlungen und Vorarbeiten herausgegeben von Hans Kuhn. Neumünster (1961), Karl Wachholtz Verlag.
11. Bo Sjölin, 'Ideologien und Paradigmen in der Nordfriesischen Lexikographie 1950-1990'. Yn: Ph.H. Breuker, H.D. Meijering & J. Noordegraaf (útj.), *Wat oars as mei in echte taal. Fryske stúdzjes ta gelegenheid fan it ôfskie fan prof. dr. A. Feitsma as heechlearaar Fryske Taal- en Letterkunde.* Ljouwert (1994), Fryske Akademy, pp. 200-207; Bo Sjölin, 'Nordfriesische Lexikologie', *Us Wurk* 47 (1998), 67-106.
12. Ommo Wilts, *Wurdenbuk för Feer an Oomram. Wörterbuch der friesischen Gegenwartssprache von Föhr und Amrum.* Insel Amrum (1986).
13. Bo Sjölin, Alastair G.H. Walker & Ommo Wilts, *Frasch Uurdebök. Wörterbuch der Mooringer Mundart.* Neumünster (1988).
14. Adeline Petersen, Bo Sjölin, Alastair G.H. Walker & Ommo Wilts, *Freesk Uurdebuk. Wörterbuch der Wiedingharder Mundart auf der Grundlage eines Manuskripts von Peter Jensen (1861-1939).* Neumünster (1994).

15. Jarich Hoekstra, '50 Jahre Nordfriesische Wörterbuchstelle. Ende und Neuanfang', *Nordfriesland*, nr. 130 (augustus 2000), s. 13-14. In Fryske oersetting is te finen yn *Lyts Frisia* 50 (2001), s. 2-3.
16. V. Tams Jörgensen, *Kleines friesisches wörterbuch der Nordergoesharder Mundart. Huuchtjüsch - Freesch/Fräisch.* Bredstedt (1981); Jens Lorenzen, *Deutsch - Halligfriesisch. Ein Wörterbuch.* Bräist/Bredstedt (1977), Nordfriisk Instituut. Sjölin, *Us Wurk* 47 (1998), s. 104, meldt noch it bestean fan in CD-ROM *Friesisches Wörterbuch. Fräisch Woordbuk. Wörterbuch der Goesharder Mundarten, Probeheft A - L*, gearstald op 'e Nordfriesische Wörterbuchstelle troch B. Kellner. Dat projekt hat dus noch gjin ôfrûning krige.
17. Jarich Hoekstra, 'Peter Grünberg syn Mittelgoesharder Fryske teksten'. Lêzing holden foar it Taalkundich Wurkferbân fan 'e Fryske Akademy, 15 maart 2000.

Dyselde Hoekstra is sûnt 1 april 1999 yn Kiel heechlearer, en dêrmei haad fan 'e *Wörterbuchstelle*. En sa't jo wol faker sjogge, komme der mei dizze nije hear ek wer nije wetten. Neffens in fraachpetear yn it blêd *Nordfriesland*¹⁸, wurdt der yn Kiel dochs wer oer in *Gesamtnordfriesisches Wörterbuch* tocht, noch wat foarsichtich, mei earst mar ris it opsetten fan in elektroanyske taaldatabank, mar likegoed. As relative bûtensteander kin men, tinkt my, allinne mar bliid wêze dat dat âlde idee dus net definityf yn 'e iiskast set is. Binne de Noardfriezen sels begryplikerwize faaks benammen begien op har eigen dialekt, krekt lju fan bûten Noard-Fryslân hawwe earder belang by ynformaasje oer hoe't it sit yn it Noardfrysk. Dat Noardfrysk mei dan miskien in teoretyske grutheid wêze, omdat it bestiet út tsien dialekten, mar hielendal in besteansgrûn kin it net ûntsein wurde. Njonken alle ferskillen hawwe dy dialekten dochs ek har mienskiplikheden, en it moaie oan ien wiidweidich wurdboek is no ienris dat de oerienkomsten en ferskillen der fuortdalks útkomme, sûnder dat jo earst apart stúdzje meitsje moatte fan tsien aparte, hjir en dêr ek noch ferskillend opsette, dialektwurdboeken. In grut, wittenskiplik wurdboek oer it hiele Noardfrysk soe boppedat romte jaan kinne oan in etymologyske behanneling fan it wurd, oan literatuerferwizings, en oan in folle bettere ferantwurdling fan it boarnemateriaal, sadat de saakkundige brûker better neigean kin wat de oanbeanen foarbylden wurdich binne. Winliken soe yn sa'n *Gesamtwörterbuch* ek it grutte Helgolânske wurdboek opnommen wurde moatte. Dat wurdboek, troch de yn 1967 ferstoarne Krogmann gearstald, is net fierder útjûn as de letter L.¹⁹ Opfolger Århammar is op 'en nij begûn mei it sammeljen fan materiaal, mar oant no ta hat dat noch gjin publikaasje opsmiten.

My tinkt dus dat dat *Gesamtwörterbuch* in nei te stribjen ideaal is. Allinnich, is it ideaal ek realisearber? Foar sa'n grut projekt hawwe jo no ienris in ridlik grutte redaksje nedich, sil it net in ivichheid duorje. En yn Kiel wurkje mar trije man, en dy hawwe ek noch mear te dwaan as allinnich wurdboekskriuwe. Sterker noch, de ynkoarten mei pensjoen geande Ommo Wilts sil net opfolge wurde.²⁰ De foarútsichten binne dus net geunstich, en der sil earst jild by moatte, sil it wat wurde. Mar miskien is de kâns dêrop net hielendal nihil. It klimaat foar wurdboekprojekten soe yn Dútslân wol ris geun-

18. April 1999, nr. 125/126, s. 12-13.

19. Willy Krogmann, *Helgoländer Wörterbuch, A - luuwet*. Wiesbaden (1957-1967), Verlag der Akademie der Wissenschaften und der Literatur in Kommission bei Franz Steiner Verlag.

20. *Nordfriesland*, nr. 130 (augustus 2000), s. 14.

stiger wêze kinne as te uzes. Boppedat liket der yn Brussel ek hyltyd mear omtinken foar minderheidstalen te kommen. Wêrom soe dêrwei op 'en doer gjin stipe komme kinne foar taalmienskippen dy't sels te lyts binne of bestjoerlik in te lyts achterlân hawwe om genôch by te setten?

East-Fryslân

Fan Noard-Fryslân woe ik oergean nei East-Fryslân. De sitewaasje is dêr aardich minder kompleks. Der is noch mar ien dialekt yn libben gebrûk, it Sealtersk. Mei de leksikografy fan it Sealtersk hâlde har op dit stuit twa man dwaande, en it hat der in soad fan dat dy in soarte fan wurkferdieling oanhâlde. Marron Fort liket him te bepalen ta de hânwurdboeken. Neidat er yn 1980, yn 'e mande mei Hermann Dumstorf, al in *Saterländisches Wörterbuch* publisearre hie,²¹ is er mei dat wurk trochgien en kin der op net al te lange termyn in nij hânwurdboek ferskine. Dat wurdt dan hooplik wiidweidiger as de goed 100 siden dy't syn wurdboek yn 1980 hie.²² De iene opmaak is de oare net, mar ik rûs dat Pyt Kramer mei syn al yn 1961 ferskynd *Seelter Woudebouk. Seeltersk-Düütsk-Wäüstfräisk* wier net minder bea.²³ Kramer hat him ûnderwilens smiten op it sjenre fan it wittenskiplike wurdboek, lykas by uzes it WFT. Yn 1992 ferskynde it earste diel fan syn *Näi Seelter Woudebouk*, dat de letter A oant en mei E beslacht.²⁴ Men soe sizze kinne dat de Eastfriezen de Noardfriezen sa in slach foar binne. It is te hoopjen dat it Kramer jûn wêze mei om sels syn kreaasje ta in goed ein te bringen. Mocht dat net slagje, dan soe dat projekt eins al ôfnakke wurde moatte. Nei myn opfetting soe it it moaiste wêze at dat dan dien waard oan 'e universiteit fan Oldenburg, yn it ramt fan in aparte ôfdieling Frysk, dêr't ek nije generaasjes yn it fak oplaat wurde kinne soene. Mar omdat de Eastfriezen getalsmjittich noch minder by te setten hawwe as de Noard-Friezen, sil dit ynearsten wol in fromme winsk bliuwe.

21. Marron Curtis Fort, *Saterfriesisches Wörterbuch, mit einer grammatischen Übersicht*. Hamburg (1980), Helmut Buske Verlag.

22. Neffens Fort (persoanlike meidieling) sil it wurdboek in 30.000 lemma's befetsje. It sil útkomme yn 2003 as CD-ROM, en nei Fort syn hope ek gewoan as boek. In jier earder moat der dan al in behindiger basiswurdboek Dútsk-Sealstersk ferskynd wêze.

23. P. Kramer, *Seelter Woudebouk. Seeltersk - Düütsk - Wäüstfräisk*. Ljouwert (1961), Fryske Akademy.

24. P. Kramer, *Näi Seelter Woudebouk. I. A - E. Elst* (1992) [útjûn yn eigen behear].

Der is oars njonken Fort en Kramer noch in tredde figuer dy't him de lêste tiid mei de leksikografy fan it Eastfrysk dwaande holden hat, en dat is Arend Remmers. Dy hat yn 1993 yn eigen behear en yn in ienfâldige útfiering in *Wörterbuch der ausgestorbenen ostfriesischen Dialekte* útbrocht.²⁵ It is in wurdboek op dy Fryske dialekten fan East-Fryslân dêr't nei de Aldfryske perioade noch taalmateriaal fan oerlevere is, mar dy't no útstoarn binne. It Sealtersk is der dus bûten litten. It giet hjir alsa om it Harlingerlânsk út *Memoriale Linguae Frisicae* fan Cadovius Müller (1691)²⁶, om de wurdlisten fan it Frysk fan Wursten (1688)²⁷, om in brulloftsdicht fan 1632 út it Brookmerland²⁸, en om it Wangereachsk. Dat lêste is 19de-ieusk of sels noch 20ste-ieusk materiaal. Mei Arjen Versloot syn tsjokke útjefte fan troch Pyt Kramer ûntdutsen ûnbekende oantekeningen fan Ehrentraut is der noch folle mear Wangereachsk materiaal frijkommen as wat Remmers ta syn fol-dwaan hie.²⁹ Mooglik soe it dêrom in idee wêze om fan it Wangereachsk apart ek noch ris in wurdboek te meitsjen. Dat nije materiaal soe lykwols hoe dan ek yn in nije jefte fan Remmers syn wurk komme moatte. En dan it leafst wat yn in oannimlikker habyt, want dy besteande 187 siden byinoar bûne A-4's binne op dit stuit net it pronkje fan 'e boekekast. Mar foaryn stiet ek tusken kante heakken it wurd "Manuskript", dat miskien wurdt fan dat nuttige wurk nochris in echt boek makke. Oer útfiering praat, ek fan Kramer syn diel I (A-E) is it spitich dat dat winliken net mear as kopyen binne fan in yn it begjin fan 'e njoggentiger jierren noch gongbere matriksprinter, en dat der net mear rekken holden is mei de romte dy't nedich wie foar it ynbinen.

Westerlauwersk Fryslân

De taalsitewaasje yn Westerlauwersk Fryslân wykt dúdlik ôf fan dy yn de beide oare Fryslannen, en dat hat syn wjerslach yn de wurdboekproduksje.

25. Arend Remmers, 'Wörterbuch der ausgestorbenen ostfriesischen Dialekte (Harlinger, Wangerooger, Brokmerländer und Wurster Ostfriesisch)'. Schwelm (1993).
26. E. König (útj.), *Johannes Cadovius Müllers Memoriale linguae Frisicae*. Norden & Leipzig (1911), Diedr. Soltau's Verlag.
27. R. Möllencamp, *Die friesischen Sprachdenkmale des Landes Wursten*. Bremerhaven (1968).
28. F. Holthausen, 'Ostfriesische Studien', *Beiträge zur Geschichte der deutschen Sprache und Literatur* 50 (1927), 60-71; 317.
29. H.G. Ehrentraut, "Mitteilungen aus der Sprache der Wangeroger", bearbeitet und herausgegeben von Arjen P. Versloot. Ljouwert/Leeuwarden & Aurich (1996), Fryske Akademy & Ostfriesische Landschaft.

Foarst binne der folle mear sprekkers, en dy sprekkers prate ek likernôch itselde dialekt, dêr't him dan ek noch min ofte mear in standertfoarm út ûntwikkele hat. Foar dat haaddialekt of dy standertfoarm stiet it der yn wêzen op leksikografysk mêd net sa min foar. Der is in wittenskiplik wurdboek, it *WFT*, dêr't ûnderwilens 17 dielen fan ferskynd binne, en dat dêrmei al ta is oan 'e letter R.³⁰ At it tempo fan ien diel it jier oanhouden wurde kin, soe dat mûnske projekt foar 2010 ta in ein brocht wêze kinne. Mar op it mêd fan 'e hânwurdboeken liket it fansels ek net sa hiele raar. Der is in nij (ientalich) ferklearjend hânwurdboek op kommendewei, en fierders binne der noch altyd de oersetwurdboeken út 'e tachtiger jierren fan Zantema (Frysk-Nederlânsk)³¹ en Visser (Nederlânsk-Frysk).³² Op dat lêste kom ik noch werom. Fierders is der, foar wa't dat allegearre tefolle of te djoer is, noch *Van Goor's klein Fries woordenboek*, dat yn 1999 by syn achtste printinge *Kramers Woordenboek Fries* as namme krigen hat.³³ En net te ferjitten is der foar it ûnderwiis dan noch it *Frysk Skoalwurdboek* of it *Frysk Basiswurdboek*.³⁴

Foar oaren as de Friezen sels is it Westerlauwersk Frysk langer ek knap benei te kommen. Nederlanners hawwe wat dat oangiet al noait te kleien hân, want de Fryske wurdboeken keazen oant foar koart it Nederlânsk as beskriuwingstaal, ek al wie dêr wat it WFT oangiet sels twa kear in fiile fiertaalstriid mei anneks.³⁵ Dy tradysje hat bygelyks Zantema syn oersetwurdboek *Frysk-Nederlânsk* opsmiten. Dat wurdboek is miskien net alhiel sûnder lek en brek, mar der stiet yn alle gefal in hiel soad yn, en it kin yn syn grûnfoarm nei myn idee ek noch wol jierren mei. Lykwols, foar lju dy't it Nederlânsk net machtich wiene, hat it Westerlauwersk Frysk jierren lang in terra incognita wêze moatten, op dy pear miljoen Denen nei dan, want dy hiene sûnt 1968 de beskikking oer Tams Jörgensen en Hoekema har *Frisisk-*

30. *Wurdboek fan de Fryske taal / Woordenboek der Friese taal*. Ljouwert/Leeuwarden 1984 -
31. J.W. Zantema, *Frysk Wurdboek. Frysk - Nederlânsk*. Leeuwarden/Ljouwert (1984).
32. W. Visser, *Frysk Wurdboek. Nederlânsk - Frysk*. Leeuwarden/Ljouwert (1985).
33. *Kramers Woordenboek Fries*. (...). Achtste druk, herzien door Dick Eisma. Amsterdam & Ljouwert (1999), Elsevier & AFUK.
34. Geart Vledder & Tetty de Jager-de Boer, *Frysk Skoalwurdboek. Taalstipe foar it basis- en fuortset ûnderwiis*. Ljouwert (1991), AFUK. Dit wurdboek hat yn 1998 in wat bredere opset krigen, en hjit no fan: *Frysk Basiswurdboek*. De ûndertitel is lykwols be-tiizjend, op 'e titelside is it foar skoalle en thús, wylst op it omkaft stiet fan foar it basis- en fuortset ûnderwiis.
35. Sjoch K.F. van der Veen, 'Leksikografy by de Fryske Akademy', *It Beaken* 50 (1988), 175-194.

Dansk Ordbog, dat mei syn pendant, it *Deensk-Frysk Wurdboek*, yn ien bân útkaam.³⁶ Mar sûnt koart is dy behyplike tastân fan de minne leksikografyske tagonklikens fan it Frysk nei it ferskinen fan it *Frysk-Ingelsk Wurdboek* radikaal feroare.³⁷ Der fan útgeande dat langer de hiele wrâld Ingelsk kin, kin dus de hiele wrâld no ek mei it Frysk yn 'e kunde komme.

Yn Westerlauwersk Fryslân meie dan miskien in pear hûnderttûzen minsken likernôch deselde taal prate, it gebiet hat krekt as dy oare Fryslannen yn 'e periferie ek syn lytse dialekten. Krekt omdat dy tsjin sa'n grutte man-nichte opbokse moatte, soe foar dy dialekten wolris minder omtinken wêze kinne as bygelyks foar de Noardfryske mei in ferlykber sprekkerstal. Oan 'e leksikografyske behandeling soene jo dat alteast ôflêze kinne. Pas yn 1968 ferskint der in *Wezenlist fan it Schiermonnikoogs*,³⁸ yn 1976 folge fan in *Woordenboek van het Oosterschellings/Wêdenboek fon et Aasters*³⁹ en yn 1981 troch it *Hylper Wurdboek*.⁴⁰ Dy trije wurdboekjes hawwe inselde formaat en inselde readkleurich omslach. Blom syn wurdboek fan it Hylpers is in slachje tsjokker as de beide oare, wat grif mei komt omt it ek in fonetyske transkripsje jout. Alle trije wurdboeken jouwe ynformaasje oer de wurdsoarte, mar de behandeling fan idioom is dêrfoar wer tige beheind. Lykwols is dat allegearre noch hillich by it wurdboek fan dat oare Skylger dialekt, it *Woddenboek fan et Westers*.⁴¹ Dat yn 1986 útkommen boekje is de betiteling "woddenboek" tinkt my net wurdich. Mear as in parallelle kolom mei it Nederlânske en it korrespondearjende Westskylger wurd is it nammentlik net. As der ien "wurdboek" fan in Westerlauwersk dialekt oan "upgrading" ta is, dan is it dizze wurdlist fan it Westers wol. Mar ek de wurdboeken fan it Aasters en it Hylpers binne, at ferlike wurdt mei it nije wurdboek foar it Skiermûntseagers,⁴² efterop rekke, benammen wat de behandeling fan fêste ferbiningen oanbelanget. Fan 'e perifeare Wester-

36. V. Tams Jörgensen & T. Hoekema, *Frisisk - Dansk Ordbog, med en kortfattet frisisk formlære*. Groningen (1968), Wolters-Noordhoff.

37. Anne Dykstra, *Frysk- Ingelsk Wurdboek; Frisian - English Dictionary, with a corresponding English-Frisian word list*. Ljouwert/Leeuwarden, Fryske Akademy/Afûk.

38. D. Fokkema sr., *Wezenlist fan it Schiermonnikoogs, mooi in ieursatting yn it Friesk en Hollands*. Ljouwert/Leeuwarden (1968), Fryske Akademy.

39. C. Roggen, *Woordenboek van het Oosterschellings / Wêdenboek fon et Aasters*. Ljouwert/Leeuwarden (1976), Fryske Akademy.

40. Gosse Blom, *Hylper Wurdboek*. Ljouwert/Leeuwarden (1981), Fryske Akademy.

41. Martha van Wichen-Schol, *Woddenboek fan et Westers*. [Ljouwert/Leeuwarden] (1986), Fryske Akademy.

42. Willem Visser & Siebren Dyk, *Eilander Wezenbiiek*. Ferskint yn 2002 by de Fryske Akademy.

lauwerske dialekten is yn 'e sechstiger jierren yndertiid in trochsneed-apparaat oanlein, dêr't foar it nije Skiermûntseager wurdboek tankber gebrûk fan makke is. Dat soe foar dy oare dialekten ek kinne. It grutte foardiel fan sa'n databank, dy't bestiet út blokjes trochrinnende tekst, is, dat jo it wurd dêr yn in natuerlike kontekst oantrefte.

Njonken de oantallen sprekkers hat Westerlauwersk Fryslân yn ferliking mei de oare Fryslannen noch in oar ferskil: it hat mingdialekten, dialekten dy't tusken it Frysk en it Hollânsk yn sitte, yn 'e omgong faak *Stedsfrysk* neamd. Krekt troch har mingdtalige karakter binne dy dialekten lange tiid, en wurde se faaks noch wol, net foar fol oansjoen. De leksikografyske beskriuwing komt yn alle gefal hiel let op gong. Dat is miskien ek noch wol om oare reden begryplik: dy dialekten sitte no ienris globaalwei sa ynoar dat de grammatika Frysk is, en de wurdskat Hollânsk. Ut it Fryske belang wei riddenearre is der dêrom net folle reden om fan soksoarte dialekten *wurdboeken* te meitsjen. Mar suver taalkundich sjoen binne it fansels wol nijsgjirrige fenomenen, en binne de omstannichheden dêr't se ûnder ûntstien binne ek net altyd gelyk. Ien fan 'e mooglikheden om tagong ta dy dialekten te krijen is troch middel fan in wurdboek. Dêrom hat it dochs in goed ding west dat de Fryske Akademy mei de leksikografyske beskriuwing úteinset is. Utsoarte is der ek net allinnich in suver taalkundich belang, mar hat in wurdboek ek wearde foar de sprekkers fan in dialekt. Dat sa ferskynde der yn 1987 in *Woa'deboek fan ut Amelands*,⁴³ yn 1991 folge fan in *Woardeboek fan ut Leewarders*⁴⁴ en yn 1996, as foarriedige kroan op it wurk, in *Woordeboek fan 't Bildts*.⁴⁵ Dat hie sa noch hiel wat dialekten trochgean kind, mar op 'e Fryske Akademy hawwe se wat praktysker west en mei rjocht de klam lein op it foarmferskaat. Dat resultearre yn 1998 yn de *Wurdlisten fan 'e Fryske stedsdialekten*,⁴⁶ mei op basis fan 'e behandeling yn it wurdboek fan it Ljouwerter sk de parallelle farianten yn it Snitsersk, Starumersk, Boalsertersk, Harnzersk, Frjentsjertersk en Dokkumersk. Spigtigernôch is de term *Stedsfrysk* yn dizze útjefte wat al te letterlik nommen. Mingdialekten komme net allinne foar yn plakken mei stedsrjochten, mar ek op it Hearrenfean en yn Kollum. Boppedat binne it Meslânzersk op Skylge

43. A.G. Oud, *Woa'deboek fan ut Amelands*. Ljouwert (1987), Fryske Akademy.

44. A.C.B. van der Burg, *Woardeboek fan ut Leewarders*. Ljouwert (1991), Fryske Akademy.

45. H.S. Buwalda, S.H. Buwalda & A.C.B. van der Burg, *Woordeboek fan 't Bildts*. Ljouwert (1996), Fryske Akademy.

46. Pieter Duijff, *Wurdlisten fan 'e Fryske stedsdialekten*. Ljouwert (1998), Fryske Akademy.

en nei alle gedachten it Pompsters ûnder de Lauwerssee ek mingdialekten,⁴⁷ en binne dy, omdat se fan in lettere datum binne, of in oar substraat hawwe, miskien ek noch wol sa nijsgjirrich as it safolste dialekt fan 'e Fryske stêden. Dat neffens my soe it in hege prioriteit fertsjinje dat dy wurdlisten echt folslein wurde, benammen ek omdat de dialekten dêr't it om giet, hurd yn it neigean binne.

Oersetwurdboeken nei it Frysk ta

Oant no ta haw ik it winliken allinne mar hân oer de beskriuwing fan 'e wurðskat fan 'e ûnderskate dialekten yn 'e foarm fan in wurdboek, en dat is hast útsoarte in wurdboek mei in yngong, dus it lemma, yn it oanbelangjende dialekt. Sa'n beskriuwing hat fansels in wittenskiplik belang. Dêrnjonken is er fan belang foar de sprekkers fan it oanbelangjende dialekt. By wa't it grutste belang leit, de wittenskip of de sprekkers, is grif net sa maklik út te meitsjen, want it giet om min te ferlykjen saken. Dat de earste net swak byspilet, kin hjir wol út ôfnommen wurde, dat it inisjatyf ta it skriuwen fan ditsoarte wurdboeken faak by de wittenskip wei komt. It giet hjir dus hyltyd om wurdboeken fan Frysk (dialekt) nei de standerttaal ta, dy't dan as beskriuwend taal fungearret, yn Noard- en East-Fryslân dus it Heechdútsk, en by ús it Nederlânsk.

Nei myn gefoel lizze de ferhâldings oars by in sjenre wurdboeken dêr't we it oant no ta noch net oer hân hawwe, dy fan standerttaal nei dialekt. It inisjatyf ta datsoarte fan wurdboeken komt hast altyd neidat der fan it oanbelangjende dialekt al in "gewoan" wurdboek dialekt-standerttaal makke is, en it inisjatyf komt ek hast altyd út 'e taalmienskip sels wei. Dat lêste is net

47. It Pompsters sa't him dat foardoct yn 'e dichtbondel fan Eppie Dam, *De Pomp. Gedichtn yn ut Pompster dialekt*. Enschede (1988), De Oare útjouwerij, liket op it each in Frysk-Hollânsk mingdialekt. Wol tige opfallend is, dat it mar ien foarm fan 'e ynfinityf hat, nammentlik *-en*, wylst de oare mingdialekten altyd it Fryske patroan mei twa útgongen (*-e* en *-en*) folgje. Neffens freonlike meidieling fan Oebele Vries lykje de dialekten fan Muntsjesyl, Boerum en Gerkeskleaster op it Pompsters, mar binne der ek ferskillen. Ut it RND kin ôfnommen wurde dat yn alle gefal Boerum yn 'e Anlaut it Grinzer en Nederlânske *sch-* en de frikative *g-* hat, wylst Gerkeskleaster en De Pomp har mei *sk-* en in eksploisive *g-* by it Frysk oanslute. It soe in goed ding wêze at dy hiele krite dêr ûnder de Lauwerssee ris neier dialektologysk ûndersocht waard. Fan 'e taal fan it gebiet is navenant mar in hiel lyts bytsje bekend, wylst de skiednis fan ynpoldering en de lizzing tusken it Fryske en Saksyske taalgebiet yn der nijsgjirrich genôch foar is.

sa hiele nuver. Dy faak lytse taalmienskippen hawwe der belang by om der sprekkers by te krijen. In part fan 'e ymport hat faak ek wol de goede wil om de taal fan 'e autochtoanen oan te learen, dat in wurdboek fan har eigen taal nei it pleatslike Frysk ta kin it dan hast ek net sûnder. Mar ek foar de autochtoanen sels is sa'n soarte fan wurdboek faak fan it grutste belang. Fansels yn it gefal dat dy autochtoanen in oersetputsje ûnder hannen ha. Mar miskien noch wol faker kin sa'n wurdboek standerttaal-Frysk tsjinje as produksjewurdboek. Hoe faak bart it net dat jo yn it Frysk net goed op 'e wurden komme kinne, wylst jo as twatalich minske heider witte hoe't jo it yn it Nederlânsk (of Dútsk) formulearje soene. Dy sitewaasje, is myn soarch, sil noch hyltyd faker foarkomme no't der hyltyd minder Friezen de hiele dei allinnich mar yn in Frysktalich fermidden sitte.

It âldste wurdboek yn dit sjenre stamt út Westerlauwersk Fryslân⁴⁸, mar fierders is myn yndruk wol dat Noard-Fryslân hjir in foarsprong hat. Hast alle dialekten dêre hawwe wol sa'n yngong fia it Dútsk. De wat gruttere dialekten hawwe meastal ek wol mear as ien.⁴⁹ Foar it Sealtersk hat op 'en nij

48. G.A. Wumkes & A. de Vries, *Nederlandsch - Friesch Woordenboek*. Snits (1918), A.J. Osinga.
49. It is hast gjin dwaan en jou hjir in folslein oersjoch, ek al omdat it soms om ûnderhânske útjeften giet. Hjirûnder steane nei alle gedachten de wiidweidichste of de meast resinte, oardere neffens dialektgebiet. Foar Sylt: Erk-Uwe Schrahé, *Deutsch - Söl'ring. Zum Söl'ring Uurterbok von Boy P. Möller*. Raantem/Rantum (1990). Foar Föhr: Nickels Hinrichsen, *Deutsch - Föhringer Wörterverzeichnis*. Bewerket an útjden faan Reinhard Jannen, Noorsaarep. Insel Amrum (1997), Verlag Jens Quedens. Foar Amrum: *Sjüsk - Öömrang wurdenbuk. Grundwortschatz Deutsch - Friesisch*. Zusammen gestellt von O. Wilts. Bredstedt (1982), Öömrang Ferian in Zusammenarbeit mit den Nordfriesischen Wörterbuchstelle der Universität Kiel. [N.B. Foar it besibbe dialekt fan Föhr bestiet in ferlykbere útjeft fan 1980 ûnder de titel *Tjüsk - Fering Wurdenbuk*. De Nordfriesische Wörterbuchstelle jout op koarte termyn nammers in aardich wiidweidich wurdboek Dútsk - Fering/Öömrang yn it ljocht]. Foar de Wiedingharde: B. Sjölin, *Fuon 'aab' bit 'würm'. Freesk Uurdeläst Freesk - Tjüsk / Tjüsk - Freesk*. Kiel (1991), Nordfriesische Wörterbuchstelle. Foar de Bökingharde: Ingeline Hamann & Ommo Wilts, *Basiswörterbuch Deutsch - Friesisch. Mooringer Mundart*. Risum-Lindholm (2000), Foriining for nationale Friiske, Frasche Feriin for e Åâstermääre, in Zusammenarbeit mit der Nordfriesischen Wörterbuchstelle der Universität Kiel. Foar de Nordergoesharde: V. Tams Jörgensen, *Kleines friesisches Wörterbuch der Nordergoesharder Mundart*. Huuchtjüsch - Freesch/Fräisch. Bredstedt (1981). Foar de Halligen: Jens Lorenzen, *Deutsch - Halligfriesisch. Ein Wörterbuch*. Bräist/Bredstedt (1977), Nordfriisk Instituut. It Helgolânsk kin benei kommen wurde fia in koarte wurdlist efteryn Mina Borchert, Ritva und Nils Århammar, *Wi lear Halunder. Helgoländisches Lehrbuch*. Helgoland (1987), Verein zum Wiederaufbau des früheren Helgoländer Nordseemuseums. In oare mooglikheid is fia V. Tams Jörgensen, *Snaak*

Pyt Kramer yn 1995 in *Provisoriske Woudeliste* gearstald⁵⁰, en boppedat is der fan Marron Fort ek wat ûnderweis.⁵¹ Foar de dialekten yn Westerlauwersk Fryslân is it sjenre lykwols ek net ûnbekend. De beide Fryske dialekten fan Skylge binne sa bygelyks benei te kommen⁵², it *Woordeboek fan 't Bildts'*⁵³ hat in yndeks Nederlânsk - Bildts meikrigen, en it tsjokste fan alle-gearre is koartlyn foar it Skiermûntseagersk útkommen.⁵⁴ Dat de Hylpers krije sa njonkelytsen op dit mêd wat in iensume posysje, dêr't se nedich wat oan dwaan moatte soene.

Hoe stiet it der ûnderwilens foar mei de grutte massa Friezen dy't net ien fan 'e perifeare dialekten praat? Dy hawwe Willem Visser syn *Frysk Wurdboek, Nederlânsk-Frysk* fan 1985 ta har foldwaan.⁵⁵ My hat dat wurdboek, de kêaren dat ik it brûke moast, net altiten geweldich foldien. Dat komt, der stiet te min yn, al mei dat miskien nuver lykje mei goed 900 siden wurdboektekst. Te min Nederlânske wurden, en alhielendal te min Fryske. Reden is, dat tiid en printkosten by dat wurdboek yndertiid krap bemetten wiene. Dêrom fine jo as Fryske oersetting almeast mar ien wurd, en dat is faak ek noch etymologysk itselde as it Hollânske. Dyjinge dy't ris wat fariaasje yn syn teksten oanbringe wol, of dy't it leafst sa distansearre mooglik Frysk brûke wol, kinne yn dat oersetwurdboek net genôch fan syn gading fine. Myn negative ûnderfinings haw ik no hast tsien jier lyn al ris ferwurke yn in yntern FA-pleitstik foar in nije ferzje. Dat hat der yn risseltarre dat sa'n projekt op 'e list fan dream en winsken kaam is. It begjint der no op te lyken dat it fan dy list ôf komme en yndied realisearre wurde sil. Dat soe op himsels ek in natuerlike ûntjouwing wêze: mei it nije ferklearjende wurd-

Friisk. Interfriisk Leksikon. Bräist (1977), Nordfriisk Instituut. Yn 'e parallele kolommen fan dat boekje steane boppedat de oerienkomstige wurden yn it Mooring, Fering(-Öömrang) en Sölring (en boppedat it Deensk, Westerlauwersk Frysk en Ingelsk). In troch N. en R. Århammar gearstald Dútsk-Helgolânsk wurdboek kin boppedat ynkoarten ferskine.

50. P. Kramer, *Düütsk - Seeltersk. Provisoriske Woudeliste*. Mildaam (1995) [útjefte yn eigen behear]. De list is ek op it ynternet te finen ûnder <http://www.geocities.com/Athens/Atrium/6641/woudelis.htm>.
51. Sjoch noat 22.
52. Foar it Westers: Martha van Wichen-Schol, *Woddenboek fan et Westers*. [Ljouwert/Leeuwarden] (1986), Fryske Akademy. Foar it Aasters: C. Roggen, *Woordenlijst Nederlands - Aasters*. Leeuwarden/Ljouwert (1980), Fryske Akademy.
53. H.S. Buwalda, S.H. Buwalda & A.C.B. van der Burg, *Woordeboek fan 't Bildts*. Ljouwert (1996), Fryske Akademy.
54. Els Perdok, *Woordenboek Nederlands - Schiermonnikoogs*. Schiermonnikoog (2001), Cultuurhistorische Vereniging 't Heer en Feer.
55. W. Visser, *Frysk Wurdboek. Nederlânsk - Frysk*. Leeuwarden/Ljouwert (1985).

boek is de yngong út it Frysk wei op hânwurdboeknivo wer hielendal by de tiid, dat dan leit it wol tige yn 'e reden dat de yngong út it Hollânsk wei dêrnei oanpakt wurdt. Der moat hjir oars opmurken wurde dat de efterstân mei de wurdskat op bestjoerlik-juridysk mêd en oanswettende gebieten al in geweldige slinger krigen hat mei it ferskinen fan it *Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries*.⁵⁶

Alder Frysk

Oant no ta ha we it yn wêzen allinnich noch mar hân oer it kontemporêne Frysk. Mar it Frysk hat fansels al in lange oerlevering, dat dêrom hjir yn it koart ek noch in wurdmannich oer wurdboeken fan it eardere Frysk, it Alden it Midfrysk. Mei wat der op dat mêd op dit stuit beskikber is, leit it der fansels net florissant hinne. Foar it Midfrysk jildt dat alhielendal, mar ek foar it Aldfrysk binne de meast detaillearre behannelingen noch te finen yn 'e glossaria by tekstútjeften. Goede foarbylden binne dy op B⁵⁷ en op F.⁵⁸ It meast wiidweidich yn dizze tradysje is grif it in jiermennich lyn separaat ferskynde wurdboek op de útjefte fan *Jus*.⁵⁹

By alle kwaliteiten dy't sokke wurken hawwe meie, se jouwe tagong ta mar in partsje fan it Aldfryske bestân. Foar in handich totaaloersjoch fan 'e Aldfryske wurdskat is der op dit stuit allinne in werprintinge fan it wurdboekje fan Holthausen (1925) beskikber, oanfolle troch Dietrich Hofmann.⁶⁰ Op himsels handich binne de troch Köbler fersoarge yngongen ta it Aldfrysk út it Latyn⁶¹ en it Dútsk⁶² wei. Op de beheinings fan dy nei-

56. Pieter Duijff, *Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries, met een index Fries-Nederlands*. Groningen & Ljouwert/Leeuwarden (2000), Martinus Nijhoff & Fryske Akademy.

57. W.J. Buma, *De Brokmer Rechtshandschriften*. Haag (1949), Martinus Nijhoff.

58. B. Sjölin, *Die "Fivelgoer" Handschrift. II. Namenregister, Glossar, Synoptische Übersicht*. Den Haag (1975), Martinus Nijhoff.

59. Wybren Jan Buma, *Vollständiges Wörterbuch zum westerlauwerschen Jus Municipale Frisonum*. Leeuwarden (1996), Fryske Akademy.

60. Ferdinand Holthausen, *Altfriesisches Wörterbuch*. Zweite, verbesserte Auflage von Dietrich Hofmann. Heidelberg (1985), Carl Winter Universitätsverlag.

61. Gerhard Köbler, *Verzeichnis der Übersetzungsgleichungen der älteren altenglischen Glossare. Verzeichnis der Übersetzungsgleichungen früher friesischer Quellen*. Göttingen (1974), Verlag Distler.

62. Gerhard Köbler, *Altfriesisch-neuhochdeutsches und neuhochdeutsch-altfriesisches Wörterbuch*. Giessen (1983), Arbeiten zur Rechts- und Sprachwissenschaft Verlag.

slachwurkjes, en nammers ek fan Holthausen/Hofmann, wurdt lykwols warskôge troch Bremmer.⁶³

It ferlet oan Aldfryske wurdboeken leit, tinkt my, op dit stuit it meast akút yn 'e hânwurdboekesfear, en miskien dat dêr op net al te lange termyn yn foarsjoen wurde kin. Yn Kiel wurdt writen dien om it wurdboek dêr't Dietrich Hofmann mei te set wie en dat er troch syn ferstjerren yn 1999 net ôfneitsje kind hat, no troch in oar dienskriuwe te litten. Ek likernôch yn 'e hânwurdboekesfear leit in projekt yn Grins, dêr't Oebele Vries plannen hat om in glossarium te meitsjen op 'e Aldfryske oarkonden, ynklusyf de brieven en de *Snitser Recesboeken*. Mar dat is, lykas bekend, nochal in grut bestân. Salang at dat ienmanswurk bliuwe moat, kin it noch wolris even duorjê, is myn soarch.

Inselde langetermynferwachting is reëel foar de beide oare histoaryske wurdboekprojekten, dy foar it Aldfrysk en it Midfrysk oan 'e Fryske Akademy, it Aldfrysk Wurdboek yn 'e mande mei it Frysk Ynstitút fan Grins. Dy beide wurdboeken, ferfolchprojekten fan it WFT, binne wittenskiplik fan opset en moatte in sa folslein mooglike beskriuwing jaan fan it Ald- c.q. Midfryske korpus. Op dit stuit sitte beide noch dúdlik yn in tariedingsfaze. Hoe lang oft it duorje sil ear't se klear binne, is no noch net te sizzen. Dat hinget ek fan 'e opset ôf, en benammen ek fan it tal redakteuren dat op dy projekten set wurde kin. Dat dizze wurdboeken lang ûnderweis wêze sille, is miskien ek net sa hiele slim. Ek by oare talen kinne jo wol sjen dat sokke hiel grutte wurdboekprojekten net gau wer oerdien wurde. Dêrom is it ferstannich om se dan ek mar yn ien kear goed te dwaan; in wat langere bewurkingsperioade is dy ynvestearring dan wol wurdich.

Nije technyske ûntjouwings

At de takomst fan 'e Fryske wurdboekskriuwerij te praat komt, kin it net sûnder in pear wurden oer eat dêr't de hiele wrâld langer fol fan is: *internet*. Jo sjogge no al in ûntjowwing dat fan hyltyd mear wurdboeken in ferzje op CD-ROM útkomt. In stap fierder is dan mar lyts mear: at in wurdboek dochs al yn elektroanyske foarm beskikber is, kin it ek wol fuortdaliks op it ynternet set wurde. Benammen by de gruttere, wittenskiplike wurdboeken wanke dêr, tinkt my, yndied grutte foardielen. Foar in partikulier binne sok-

63. Rolf Bremmer, 'De wyn en de sekken: resint wurk op it mêd fan de Aldfryske leksikografy', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 3 (1987), 60-68.

ke wurdboeken faak te grut en te djoer om sels oan te tugen. No hoecht er net mear nei in bibleteek, mar kin er thús alles mar út 'e briedstoel wei bestudearje. Mar ek de opset fan it wurdboek sels kin yn in elektroanyske ferzje folle avansearder: der kinne wiidweidiger sykmooglikheden en trochklikmooglikheden nei oare ynformaasje ynboud wurde. Wa't in yndruk krije wol fan 'e mooglikheden, soe ris it wurdboek fan 'e Jutske dialekten opsykje moatte; de moaiste tapassing fan in wurdboek op it ynternet dy't ik oant no ta tsjinkaam bin.⁶⁴ Krekt by dy gruttere wurdboeken lizze der by publikaasje op it ynternet noch mear mooglikheden. Sa kin it wurdboek alfêst yn it ljocht jûn wurde sûnder dat de tekst al definityf is, en kin der sa ek hiel maklik om kommentaar fan brûkers frege wurde.

Hoe sit dat mei de hânwurdboeken? Dêr leit it yn prinsipe net oars as mei de grutte wittenskiplike wurdboeken. Allinnich: sokke wurdboeken hawwe wol in grutter publyk, en dat sil net altyd in kompjûter ta syn foldwaan ha, no net, mar yn 'e takomst miskien ek net. Boppedat soene der gebrûksomstannichheden wêze kinne, bygelyks in ienfâldich kursuslokaal, dêr't hielendal net in kompjûter beskikber is. En dan haw ik it noch net iens oer dy minsken dy't domwei fan in wurdboek as *boek* hâlde. Sokken moatte faaks ek ta har geriif komme kinne.

Der sit oan dy elektroanifisearring fan wurdboeken miskien ek noch wol in oar neidiel. Dat is, dat de elektroanyske opslach ôfhinklik is fan sawol it hurdguod as it sêftguod dêr't er op draait. De technyk feroaret fleanende hurd, en it is net altyd sa dat in âldere ferzje yn in nije konvertearre wurde kin. Dêr hawwe jo mei papier gjin lêst fan.⁶⁵

Utrin

Oan 'e ein fan dit oersjoch is it faaks goed om de wichtichste punten fan omtinken noch even nei foaren te heljen, benammen út it eachweid wei fan wat der yn 'e heine en fierdere takomst noch dien wurde kinne soe. De grutste swierrichheden foar de takomst lizze, tinkt my, wol yn Noard-Fryslân. It tal wurkers is dêr mar lyts, en belytset sels noch fierder, wylst de taken yn dat gebiet mei al syn dialektferskillen enoarm binne. Globaalwei kinne dy taken yn trijen ferdield wurde: der foar soargje dat de searje hânwurdboeken

64. <http://www.jyskordbog.dk/hjemmesider/index.html>.

65. Mei tank oan Bram Jagersma, te wurk yn 'e universiteitsbibleteek fan Leien, dy't my op dit probleem wiisde.

ta safolle mooglik dialekten útwreide wurdt, soargje dat der better en wiidweidiger oersetwurdboeken fan it Dútsk nei de Noardfryske dialekten komme, want it measte wat der no yn dat sjenre leit is mar tige ienfâldich, en as tredde, it ta stân bringen fan in *Gesamtwörterbuch* op wittenskiplike basis. Yn East-Fryslân binne de swierrichheden ek net lyts, mar se lykje my dêr dochs makliker op te lossen. Even oannimmend dat der in nije ferzje fan Fort syn hânwurdboek foar it Sealtersk oankomt, lykje my de neiste taken ta, dat it nije Wangereager materiaal ferarbeide wurdt, ôf yn in nije ferzje fan Remmers syn wurdboek op 'e útstoarne dialekten, ôf yn in apart Wangereachsk wurdboek. De twadde, noch gruttere taak op it mêd fan it Eastfrysk is it dienmeitsjen fan Kramer syn grutte wurdboek.

It geunstichst is de leksikografyske tastân yn Westerlauwersk Fryslân, benammen ek omdat de personele foarsjenning dêr navenant noch hinnebrûie mei. Heechste prioriteit liket my hjir dat dy pear fergetten mingdialekten yn 'e ferlykjende list opnommen wurde. Faaks is der mei dy mingdialekten ek noch wol mear te dwaan. Ik tink dan oan it Meslânzersk, dat miskien wat in oarsoartich substraat hat, en ek in oarsoartich Frysk om him hinne. Fierders soe der yn Westerlauwersk Fryslân serieuus oer neitocht wurde moatte oft de beskriuwing fan 'e wurdskat fan 'e perifeare Fryske dialekten net better kin, benammen no't der noch ridlik goede sprekkers fan dy dialekten te finen binne. It driuwt it measte mei it Westers, mar faaks soe der ek nei it Aasters en it Hylpers sjoen wurde moatte. Ut it eachweid fan taalútbou en it aktiver brûken fan it Frysk liket my fierders in better en wiidweidiger ferzje fan it Nederlânsk-Fryske hânwurdboek fan it grutste belang. Miskien is dat alles ek noch wol sa wichtich as it wurk oan 'e wurdboeken fan 'e eardere taalfazen. Net dat dat net barre moatte soe, mar men soe ek riddenearje kinne, dy âlde teksten bliuwe der wol, dat dat âldere Frysk kin altyd noch.

Moatte sûnt it ferskinen fan it Frysk-Ingelske Wurdboek noch oare bûtenlanners betsjinne wurde? De mooglikheden binne hast ûneinich, en dus sille jo hjir wol hiel praktysk bliuwe moatte. Ik haw earder al sein dat langer elk wol Ingelsk kin, dat dan liket it ferlet ek wol ynlost. No falt it mei dy algemiene behearsking fan it Ingelsk fansels yn 'e praktyk wol wat ôf. Mochten jo dêrom op it mêd fan wurdboeken fan it Frysk nei in oare taal noch al oan wat nijs tinke wolle, dan soe tinkt my it Dútsk it earst yn 'e be-naming komme. Dat is de iennichste besibbe Westgermaanske taal dy't noch gjin tagong ta it Frysk hat. It Dútsk is boppedat in taal mei al gau in 100 miljoen sprekkers, dêr't in part fan fia bygelyks it toerisme ek wol kon-

takten mei Fryslân hat. It Dútsk is boppedat fan âlds ek in yngong nei it fierdere East-Europa. En wat faaks ek noch meispylje kin: oer it Heechdútsk soene de East- en Noardfriezen ek yn 'e kunde komme kinne mei it Westerlauwerske Frysk.⁶⁶ Al soene dy miskien noch better betsjinne wêze mei in direkt wurdboek Westerlauwersk Frysk - Noardfrysk/Sealtersk en oarsom.⁶⁷

Yn in oersjoch as ditte is it altyd moai om in grut tal winsken te formulearjen. Dêr moat lykwols fuordaliks in relativearjende opmerking by, want der moat net fergetten wurde dat jo wol fan alles wolle kinne, mar dat it ek mar kinne moat. Oan 'e iene kant moatte de leksikografyske winsken ôfset wurde tsjin oare taalkundige prioriteiten. Dat jildt foar alle trije Fryslannen. Om mar ien ding te neamen, der is fansels noch altyd grut ferlet fan ûndersyk nei de Fryske grammatika, sawol út syngroan as út diagroan perspektyf wei. Yn 'e Fryske sitewaasje is it dan ek noch faak sa dat it oer it ginneraal deselde persoanen binne dy't har mei de ûnderskate putten rêde moatte. Mar ek binnen de leksikografy hawwe jo it realisearjen fan jo eigen prioriteiten nei altyd yn eigen hân. It kin hiel goed wêze dat foar it iene projekt folle makliker jild te krijen is as foar it oare.

Ik wol noch in twadde, miskien ek wol relativearjende, opmerking meitsje. Op it Fryske leksikografyske mêd moat sûnder mis noch in hiel soad barre, en de winsken dy't der lizze binne grif stik foar stik rjochtfeardich. Mar lit ús dêrby net ferjitte wat der al ta stân brocht is. Binnen de frisistyk hat de leksikografy altyd in tige foaroansteand plak ynnommen. By it tarieden fan dit stik haw ik my der noch wer ris oer fernuvere wat der allegearre oan wurdboeken al wol net leit, en dan haw ik ek noch net alles troch de hannen hân. Hiel opfallend dêrby is, dat in moai grut part der kommen is troch frijwilligers, minsken dy't dreaun troch de leafde ta de taal in moai grut part fan har frije tiid stutsen hawwe yn it sammeljen fan wurden en yn it skriuwen fan wurdboeken. Dat idealisme wie der miskien earder mear, mar it is perfoarst noch net útstoarn. Alles wat minsken lykas Fokkema, Halbertsma, Hof, Johannsen (2x), Kramer, Minnsen, Perdok, Postma, Lo-

66. Neffens meidieling fan Jarich Hoekstra hat de Kieler studint Walter Pannacker in ienfâldige wurdlist Westerlauwersk Frysk - Dútsk opmakke, lykwols út noch yn net te ferlykjen mei it Frysk-Ingelsk Wurdboek. Oft dy list noch ris publisearre wurde sil, is noch net bekend.

67. Der hat alris sa'n soarte wurdboekje west, it troch G. Meerburg gearstalde *Wurdboek Midfrysk - Noardfrysk* (Ljouwert 1951). Dat koe mei syn 95 siden yn lyts formaat lykwols mar in bytsje jaan, en hie boppedat de lemmata allinne mar yn it Westerlauwerske Frysk.

renzen, Mechlenburg, Möller, Mungard, Nissen, Oud, Remmers, Roggen, Schmidt, en noch in hiel soad oaren, elk nei eigen fermogen, presteard ha, mei de pet foar ôfnommen wurde. Sûnder harren wiene we net wêr't we no binne.

*Fryske Akademy
Ljouwert*

R. KLODIČ. EEN BEDELAAR IN DE FRIESE LITERATUUR

Ad C. de Haan

Summary

In 1927/28, R. Klodič, a Yugoslav author, submitted eight short sketches – written in Frisian, if of disputable literary merit – to both the literary magazine De Holder and to the popular weekly Sljucht en Rjucht. From his simultaneous correspondence with Frisian authors and editors of De Holder he turns out to be a student of Slovenian origin who kept asking for free copies of books and magazines in order to study the Frisian language and literature. According to one of De Holder editors, the legitimation for printing his pitiful work was merely its stunt effect. Klodič, whose personal details have hitherto remained unknown to us, took up his correspondence with Frisian authors after the Second World War, this time introducing himself as a civil servant. He also addressed Dutch authors, invariably begging for books and magazines. From his correspondence, a picture emerges of an inveterate beggar rather than of a man of letters.

1. Inleiding

Bij het onderzoek dat ik verricht naar het Friese literaire tijdschrift *De Holder* (1926-1929) stuitte ik op een drietal medewerkers van buitenlandse origine. Dit zijn de bekende en omstreden taalgeleerde dr. Walther Steller (bijdragen over de studie van het Fries in Duitsland), het eminente Italiaanse talenwonder dr. Giacomo Prampolini (een bespreking in het Frans van R.P. Sybesma's "Ta de moarn") en de vooralsnog volkomen onbekende R. Klodič uit Zagreb ("literaire" bijdragen in het Fries).

Hoewel de bijdragen van Klodič niet van hoogstaand literair niveau zijn, is er rond deze onbekende minnaar van het Fries, die zich de taal eigen maakte via "in analytiske stúdzje fen de Fryske Evangeeljefortaling, dy't ik fen de Bible Society yn London krige hie"¹, wel het een en ander aan opmerkelijks mee te delen.

1. Alle door mij geciteerde brieven aan Friese literatoren bevinden zich in het Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjeintrum te Leeuwarden.